



Oan: Deputearre Steaten fan Fryslân
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Drachten, 14 maart 2018

Ûnderwerp: keardoelen Frysk en Curriculum.nu (jimme merkteken 01471490)

Achte mefrou Poepjes,

Op 5 desimber 2017 krigen wy Jo brief oer de posysje fan it Frysk yn it projekt Curriculum.nu nei oanlieding fan in fraach fan ús dêroer. As FFU koenen wy dêrút opmeitsje dat de 'PO-raad' gjin stappen sette soe foar de keardoelen Frysk, mar dat dy soks oan de provinsje Fryslân oerlitte woe. Der wurdt ús meidiel dat Deputearre Steaten in kertiermakker oansteld hawwe en fan betinken binne dat de útkomsten fan de 0-mjitting (*Taalplan Frysk*) goed brûkt wurde kinne by de fernijing fan de keardoelen, 'dy't neffens ús perfoarst net op in leger nivo útkomme meie as sa't se no binne' (sitaat fan side 2). Mei de tredde generaasje keardoelen is dat lykwols wól bard (de spegeling oan dy foar it Hollânsk is dêr folslein loslitten!).

Yn 2001 hie de 'Kommissje Wijnen' gjin opdracht krige om ek de keardoelen Frysk te besjen en dy ferwiisde it *ferplichte* fak Frysk sels nei in *fakultative* status yn de útstelde 'frije romte'! It ministearje fan O&W hat doe noch wol opdracht oan de *Stichting Leerplanontwikkeling* (SLO) jûn om foar it Frysk (ek) mei in tekst te kommen.

Yn 2003 kaam de SLO nei Fryslân mei slim útklaaide keardoelen Frysk (de spegeling wie folslein loslitten en ynhâldlik sels fan in leger nivo as dy foar it Ingelsk!). Yn de saneamde 'Veldadvisering' fan 14 maaie 2003 is it my en in tal oare leden fan de *provinsjale wurkgroep Frysk yn it primêre ûnderwiis* mei gâns muoite noch krekt slagge om de keardoelen Frysk op it nivo fan it Ingelsk te bringen (mei omtinken foar alle fjouwer relevante taalskiften). Op in pear lytse oanpassings nei binne se letter mei de oaren as 'generaasje 2006' sa ek yn de Twadde Keamer fêststeld.

It is bekend dat de PO-Raad by it útkommen fan it 'Rapport Hoekstra' yn 2010 oer in (mooglike) desintralisaasje it ministearje fan O&W witte litten hat gjin ferlet te hawwen fan mear omtinken foar it Frysk yn it ûnderwiis. It hat derta laat dat de wetswizigings 2014 (WPO en WVO) op it stik fan it Frysk (oangeande it 'draagvlak' en de eask fan 'niet meer inspanningen') de skoallen alle romte jouwe foar in eigen (gauris negative taalideologyske) ynterpretaasje fan de keardoelen Frysk. De provinsjale *Beleidsregel 2015* is dêr wer it tige teloarstellende risseltaat fan.

Op de webside fan Curriculum.nu is ynformaasje te finen oer de fuortgong fan it projekt. De gearstalde tiims fan minsken út it ûnderwiis sette dizze moanne útein foar it ûntwikkeljen fan nije keardoelen. Foar it Frysktalich ûnderwiis is it fan grut belang om te witten wa't krekt mei de keardoelen Frysk oan de slach sille. Yn de list fan de njoggen leargebieten komt it Frysk nét foar en der binne ek gjin oanwizings foar in 'aparte status' fan de taal. In situaasje as mei de hjoeddeiske keardoelen Frysk (2006) soe him út soarte nét op 'en nij foardwaan moatte. As leden fan de

provinsjale wurkgroep mochten wy yndertiid noch kriticalyk jaan op it SLO- útstel, mar it kwea wie ûnderwilens al bard.

As *FFU* soene wy graach witte wolle wat der op it stuit krekt dien wurdt. Wa is kertiermakker? Hokfoar saakkundigen út Fryslân binne derby behelle? Hokfoar opdracht(en) krije se mei? Yn it maartnûmer fan *Schooljournaal* (in lanlik ûnderwiisfakblêd) stiet: 'Het is mogelijk om tussentijds te reageren op de tussenresultaten, voordat de teams in het voorjaar van 2019 met hun uiteindelijke resultaten komen.' De *FFU* soe, as ûnôfhinklike organisaasje foar kwantitatyf en kwalitatyf goed ûnderwiis yn it Frysk, sadwaande (ek) graach op 'e hichte brocht wurde fan dy *tuskenresultaten* foar it Frysk. Omdat it net daliks foar de hân leit dat ien en oar op it ynternet publisearre wurdt, dogge wy in berop op Jo as earstferantwurdlike deputearre foar it Frysk.

Alfêst tank foar Jo meiwurking.

Mei rju achtinge,

drs. Th. Dykstra (foars. *FFU*)